

## DE BEAM FAN BELOFTE



Gerrit Damsma

# De beam fan belofte

skiednis út de 19<sup>de</sup> ieu oer in  
Fryske eksodus nei de Nije Wrâld

***BnB***

Útjouwerij: Brave New Books

BEAM FAN BELOFTE

Twadde druk

Dokumintêre histoaryske roman

Copyright © 2017 Gerrit Damsma

[www.gerritdamsma.frl](http://www.gerritdamsma.frl)

Foto omslach: Copyright © 2017 Willem Wilstra

Útjefte: Brave New Books

ISBN: 978 94 021 6258 5

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde en/of iepenbier makke wurde troch printsjen, fotokopy, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder skriftlike tastimming fan de útjouwer.

No part of this book may be reproduced in any form by print, photoprint, microfilm or any means without written permission from the publisher.

----

© Earste druk:2001 Gerrit Damsma

Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert

CIP-GEGEVENS KENINKLIKE BIBLETEEK (earste druk):

Damsma, Gerrit

De beam fan belofte: roman- Ljouwert Utjouwerij Frysk en Frij

Mei lit. opj. en ferantwurding

ISBN: 90-73554-71-3

NUGI 341

Stekwurd: roman; oarspronklik - Frysk.

Give me your tired, your poor, your  
huddled masses yearning to breathe free,  
the wretched refuse of your teeming shore  
send these, the homeless, tempest-tossed,  
to me: I lift my lamp beside the  
Golden Door.

*Statue of Liberty*

*(Texas; gedicht fan Emma Lazarus. De tekst fan dit gedicht stiet  
ek op it frijheidsbyld yn New York)*

Jou my dyn wurge, dyn earne, dyn  
ferhûddûke folk, fol langst om yn frijheid te sykheljen,  
it ellindige ôfeart fan jim folle kusten  
stjoer dizzen, de dakleazen, de troch stoarm tehavenen,  
nei my ta: ik sil myn ljocht omheech hâlde  
njonken de Gouden Doar.

*Foar Nank*

## YNHÂLD

### PROLOOCH

#### EARSTE DIEL: DE BEAM FAN FERTRIET

HAADSTIK I: Boalsert haw ik leaf

HAADSTIK II: Ferjit myn namme net!

HAADSTIK III: Ga heen, stout steegenoot, ga heen

HAADSTIK IV: De Wâlden, dit is no myn wrâld

HAADSTIK V: De earmoed fan 'e lytse tsjerke

HAADSTIK VI: De beam fan fertriet

HAADSTIK VII: It sil dus heve!

HAADSTIK VIII: Hoe swier it falt, sa fan elkoar te skieden

#### TWADDE DIEL: DE REIS

HAADSTIK IX: De Vesta: stank en stoarm

HAADSTIK X: Amearika, wêr moat ik, swalker, earne hinne?

HAADSTIK XI: Is dit no it paradys?

HAADSTIK XII: Spikerje jimme namme oan in beam en jim  
ha jim stêd

HAADSTIK XIII: Beammen treurje om alle drôvens  
fan Waukazoo

HAADSTIK XIV: Op flotten nei 't beloofde lân

HAADSTIK XV: Lytse minsken yn in grutte wrâld

#### TREDDE DIEL: DE BEAM FAN BELOFTE

HAADSTIK XVI: Yn it skaad fan 'e pakebeam

HAADSTIK XVII: Binne wy hjirhinne brocht om te stjerren?

HAADSTIK XVIII: Hoe fet sople oarlju's petielen

HAADSTIK XIX: Hands can make a house, hearts can  
make a home

HAADSTIK XX: Elk is drok yn roeren om syn dwaan te stjoeren

HAADSTIK XXI: Het is veel stiller; ik mis je wel hoor,  
mijn jongen

HAADSTIK XXII: Leave... heit miskien wol

HAADSTIK XXIII: In lek dak kin de sinne ferrifelje,  
mar de rein net

HAADSTIK XXIV: Dy paupers yn it wâld moatte har  
sels mar rêde  
HAADSTIK XXV: Der sit wer muzyk yn  
HAADSTIK XXVI: Banaal, dat bidden yn sa'n frjemde taal  
HAADSTIK XXVII: It widske wurdt in kistke  
HAADSTIK XXVIII: Schrijf maar gauw terug  
HAADSTIK XXIX: En de snie dy komt, by skipswolken fol  
HAADSTIK XXX: Grûn ûnder de fuotten en takomst foarút  
HAADSTIK XXXI: De pakeboom: die weet alles van ons  
HAADSTIK XXXII: Stimme as in echte Amerikaan  
HAADSTIK XXXIII: Oaren sille rispje wat wy siedde hawwe

## EPILOOCH

Ferantwurding  
Boarnen fan sitaten en ferklearringen  
Passazjierslist Vesta  
Kaartsje



## PROLOOCH

Dit boek is skreaun ta de neitins fan en út respekt foar Jan Verdonk silger, pionier fan de stichting 'In de Voetsporen'. Hy sette my op it spoar fan de âlde lânferhuzers út 'e midden fan de 19<sup>de</sup> ieu. Se kamen út alle dielen fan it lân: Hollân, Seelân, Gelderlân, Grinslân, Drente, Oerisel. Ek út Fryslân ûntflechten hûnderten minsken wurkleazens, earmoed of strideraasje yn tsjerke. Fol betrouwen en hoop setten se ôf nei de Nije Wrâld.

Se hienen in dream! Amearika wie it lân fan frijheid, romte, wurk en wolfeart. Se teagen út yn grutte ploegen fan geloofsgenoaten om net ferstruid te reitsjen ûnder minsken mei in oare taal of godstsjinst en frjemde seden.

De earste ploech Friezen - njoggenenfjirtich manlju en froulju en njoggenentweintich bern, ûnder lieding fan dûmny Marten Annes Ypma - kappe har yn 1847 en de jierren dêrnei djipwei yn 'e iensume bosken fan Michigan in nij wenplak: Vriesland. It wie in striid op libben en dea. De delsettingen yn 'e Nederlânske koloanje yn Michigan (Holland, Zeeland, Vriesland, Groningen, Drenthe, Overisel, Graafschap en oaren) binne dan ek boud '*on the bones of the founders*' - op 'e bonken fan de bouwers. Nei de earste swiere jierren klouden de Fryske pioniers wat by de wâl op en waard it wâld iepenlein foar lânbou en feeteelt. It wiene ferbeten trochsetters, dy't ut it neat in nij bestean wisten op te bouwen.

Yn 1986 makke ik – as journalist fan it Friesch Dagblad – in reis nei (âld)emigranten en harren neiteam yn Michigan. De ferhalen oer en de skiednis fan dy earste lânferhuzers fassinearre my. De delslach fan it sneupwurk kinne jo yn myn boek weromfine. De measte romanfiguren hawwe werklik bestien, in pear net. Mar allegear binne it minsken fan fleis en bloed.

Har libbensferhaal haw ik tekene: as earesalút.

*Gerrit Damsma*



Earste diel

# De beam fan fertriet



## HAADSTIK I

*Boalsert haw ik leaf as plak,  
dêr't ik grutbrocht bin en ûnderrjochte.\**

MAART 1846

In skierroek hat de maityd yn 'e kop, raast 'ferrèèèk...' en hipt handich it bolwurk del. De âlde ipen sitte folop yn 'e knop. Se skine al út 'en readens. De fine fearretûken yn 'e krún wiuwe nei in kloft lette guozzen. Even oer de stedsgrêft saaie se del yn it lân en begjinne yn it gielgriene gers om te haffeljen.

De loft is maarteblau, de noardewyn noch skraal en yn myn noas priket de rook fan it lân. Earne healwei Hichtum hat in boer de jarrebak leech riden en hiel Boalsert snúft der in noasfol fan op. De kant út nei Skettens leit it fjild der stíl en ferlitten by. Allinne in spantsje ljippen kopketûmelet der noch wat ûnwennich yn om. Wat in ferskil mei maart ferline jier. Sa pikelkâld as doe sil it net faak west ha. Healwei maart frear it de nachts noch 20 graden en oerdei kaam de temperatuer net heger as 10 graden ûnder nul. Sleatten en grêften sieten noch ûnder it iis en by de Blaupoarte wiene se op 23 maart, mei Peaske, noch oan it reedriden. Der wie hurdriden en in 'koek-en-sopie' dêr't se ek peaske-aaien ferkochten.

It wite skulpegrús fan it Westerbolwurk knisteret my ûnder de klompen. Ik saai in plat stientsje nei ûnderen en it hipt, krekt as de roek yn it gers, mei spronkjes oer it wetter.

Mei in pear stappen rûts ik it smelle treppentsje del nei de Bargefinne. De balstiennen pompe my suver troch de klompen. Oan 'e oare kant de smelle grêft bolderet Jan Piteroalje foarby. De grouwe hûn ûnder de karre set de sokken deryn en Jan kin it op syn koarte poatsjes mar kwalik byskonkje. Hy wjokkelet efter de hûn oan; de pet stiet like skeef as syn linkerfoet. Hy flokt de pannen fan it dak, mar it jout him gjin byt.

Op 'e hoeke fan de Bargefinne en it Skilwyk stiet Doekele op 'e blau-stoepe te gapjen. Deunby, op 'e Oranjebrêge nei de Dykstrjitte, kwitse in pear krinkjespuiers gatten yn spiegeljende wetterwolken. It Skilwyk hjirre tusken ús hûs en de grêft is net

breed en twa hynderweinen kinne kantroerend byinoar lâns komme.

De âld winkelbel hat in skel lûd en ik rop: 'Blijf maar'. It galmet neaken en keal troch de lege winkel en gong nei de efterkeamer. Troch de glêzen fan de pijkeamer sjoch ik noch krekt in skym fan grize Westra, ús kostgonger. Hy sit yn syn briedstoel te slûgjen en hat gjin weet fan in winkelbel en fan it weeë gefoel dat út myn mage nei boppen krûpt. Ik moat der net oan tinke dat ik al dit fertroude efterlitte moat: de winkel mei syn grutte griene beskútbus, de dûnkerreade koeketrompen en gielkoperen skaljes, it Skilwyk mei syn âlde boargerhuzen, winkels en boerebedriuwkes.

Wy hawwe hjir in bakkerij hân, mar neffens heit en pake is der yn 'e stêd gjin droech brea mear mei te fertsjinjen. It moal is rottekruddjoer, en net allinne it moal. Nei de ierpelsykte fan ferline jier binne der foar de gewoane man gjin ierpels mear te besetten. Party minsken ite moarns, middeis en jûns al mar it selde resept: grutte en brune beane. As se it betelje kinne teminsten. Der is in protte wurkleazens, earmoed en honger yn 'e stêd. It is de minsken oan te sjen.

"Dit kin net lang sa trochgean. Der komt aansens reboelje fan," hearde ik heit juster tsjin pake sizzen. Hy kin it witte. Hy hat noch earne oars oanslach fûn as bakkersfeint: salang't it duorret. Meastentiids moat er der mei de beswitte lea op út te bôlesuteljen. Nei lju dy't noch wat jild om hannen hawwe. Fan pake ha 'k wol heard dat in tredde part fan 'e Boalserters yn klearebare earmoed libbet. Gjin wurk, gjin iten. Se moatte de hân ophâlde by de earmfâden of by de tsjerke. Ik haw yn 'e bakkerij wurke en mei de bôlekoer sutele, mar no dangelje ik sa de oerdeis ek mar wat om. En dat leit my net. Ik bin njoggentjin en wol oanpakke, wat dwaan. As it moat earne oars.

Ik rin de dûnkere gong del. Hjir wenje wy mei ús sânem yn 'e efterkeamer. Boppe-efter is de grutte sliepkeamer, dêr't heit en mem en trije suskes sliepe. Sels sliep ik mei myn broer ûnder it sigerige panstrutsen dak op souder. Fan 't winter lei ik dêrûnder trije hynstetekkens suver noch te ferklomjen.

Yn 'e grutte foarkeamer boppe húsmanje al sûnt in goed tsien jier pake Geart en beppe Japikje. Se hawwe dêr harren eigen

gedoente, mar mem bringt har tusken de middei altyd in miel waarm iten. Mei it stikiten rêde se har sels. Ik mei der stomme graach even yn wippe foar in praatsje. Pake dat is myn grutte kammeraat.

Hy hat aardich wat boeken en in kop as in almenak. Hy hat my hiel wat bybrocht oer skiednis. Sels haw ik al in protte fan syn boeken lêzen. Ik mei graach lêze, deroer prate mei pake, oer de dingen neitinke.

Pake is in foarse man, mei in foarse kop: hy hat sa'n moaie keale knikkert, in sulveren krânske hier, in wite snor en sik boppe in opsteand puntboardsje. It swarte festje, mei it gouden horloazjeketling, sit him spand oer de búk. As hy de eagen heal tichtknypt en wat strang sjocht, dan liket er krekt in baron.

In inkelde kear gean ik wolris mei him te kuijerjen: even in slach it bolwurk om. Dan kin ik it net litte en freegje: "Hoe let is it, pake?" Dat is altyd in hiel ritueel. Dan bliuwt er even stean, hellet mei graasje yn 'e holle hân it gouden horloazje út it festjebûs en hast plechtich seit er dan: "It rint tsjin fjouweren," of sokssawat. Ferline wike sei er ek: "Geart, dit horloazje is letter foar dy. Dat moatte wy marris even op in briefke skriuwe; witte de oaren it ek. Dan set ik myn namme der wol ûnder."

Mar dat doar ik foar gjin goud. Dat soe de goaden fersykjen wêze, want ik wol pake noch net heal misse.

De smûke boppekeamer is suver myn twadde thúis en as pake en beppe sitte te skimerjen dan slûp ik gauris hoeden troch de doar en sko in stoel by tafel of kachel. Sûnder folle wurden. Dizze jûn ek.

Op 'e plattebuiskachel stiet tsjettelwetter te sjongen. It ûnderste doarke stiet iepen. In reade gloede krûpt al fierder ûnder de tafel en wint it fan it weikwinende twiljocht. Pake ljurket oan 'e kalken piip en syn wite sik wipt tefreden op en del. En beppe fertelt. Beppe kin moai fertelle: spannende ferhalen út de tiid, in foech fjirtich jier ferlyn, dat de Frânske soldaten yn Boalsert noch foar master opsloegen. Doe't wy lyts wiene fertelde se mearkes. Dan sieten wy by har op 'e knibbel, op 'e stoelleuning of op 'e râne fan 'e tafel yn in rûntsje om har hinne, de mûle yn it tsier.

No is se sa rimmetikerich as wat en se krûpt hast yn 'e kachel. Foardat se jûns it bedstee yn giet, moat ik har, mei pake, even helpe. Earst de grutte breiden broek út en op 'e pot en dan beppe

yn bêd sjasse. Pake kin dat allinne net heal oprêde. As ik no alris fuortgean, hoe soe dat dan aansen yn 'e goedichheid moatte! Ik triuw dy gedachte gau fuort. Mar it slagget my net en as de stânlampe mei raapoalje oan komt en de kearsen frjemde skaden oer it bedsket dûnsje litte, gripe poerneakene beamtûken my nei de kiel. De Trynwâlden, Oentsjerk, Gytsjerk, ûnbekende nammen. Ik dream der nachts fan.

-o-o-o-

De namme Trynwâlden is fallen doe't ik ferline wike by pake en beppe kaam en fûstke mei de man dy't dêr breedút yn 'e smookstoel siet. Piter Jaans Mobach fan it Grutsân, in grutte keardel mei in swier swart burd. Ik hie him alris earder troffen. Hy stekt wat stiif yn 'e klean, krekt in dûmny, al is er dan ek bakkersfeint. Mar hy is in finenien en âlderling fan pake syn tsjerke, de Kristlik Ofskieden Gemeente. Ien kear haw ik mei pake nei it lokaal 'Eensgezindheid' oan it Hynstepaad west doe't wever en oefener Jelle Bredzee dêr op 'e tekst kaam oer 'vader Brakel'. Hy spruts blykber ta it hert fan Jeruzalim, mar ik hie mear niget oan in moaie faam op 'e foarste rige as oan Bredzee syn djipdollerij.

Piter Jaans is troud mei in suster fan Bredzee: Mintsje. Mobach hat der in lytse tik fan meikrigen, want tusken de bedriuwen troch gûchelet er wolris mei in bibeltekst. Net oplein, mar sa ûngemurken wei. It heart gewoan by him as de grouwe hûn by Jan Piteroalje. Hy hat in pear dûnkerbrune eagen dy't suver dwers troch jin hinne sjogge, mar dy eagen kinne ek twinkelje as er mei pake op 'e tekst rekket oer it ferline. Dan streaket er him troch it lange burd en ferhellet er oer minsken dy't it yn 'e Grutte Tsjerke net mear fine koene en sneins, of soms al in pear dagen tefoaren, wech-ende-wear rûnen of rieden om in goeie preek te hearren.

"Soms rûnen wy in oere of seis, sân en soms gie it mei in kliber folk op in haaiwein nei dûmny Jan Willem Becking yn Heech. Sliepe by kunde of yn in heaberch," fertelde Piter Jaans ferline wike.

"De minsken woene it klear Wurd hearre en gjin blomkepreek. Benammen de lytse man sette it yn 'e kant tsjin de hege hearen. Zij wilden geen stenen voor brood!" En Mobach seach my sawat oan.



"Soms kamen se yn it geheim byinoar yn in boereskuorre yn 'e omkriten fan Boalsert, of yn it roefke fan in skip, earne op 'e romte. Der waard út 'e Skrift lêzen en alderivichst moai meinoar songen. Meastentiids wisten se de grytman wol te ferrifeljen, want as dy derefter kaam, dan stjoerde hy der in detasjemint dragonders op ôf. De straffen wiene net om 'e nocht: marteling, finzenis of in swiere boete fan in grou hûndert gûne."

Ek yn 'e efterkeamer fan Piter Jaans wie men wol gearkommen: "Mar," fertelde hy, "mei mear as tweintich minsken mocht net. Maar David probeerde aan Sauls zwaard te ontkomen. Dat boppe-yn 'e keamer wie in lûk makke en op souder leine dan altyd noch sa'n tritich man nei it Wurd 'fan ûnderen' te harkjen. Wol stie der altyd in man op wacht. As de boargemaster of de plysje ûnferhoeds in ynfal die, dan hoegden wy allinne mar it lûk te sluten en in alderûnnoazelst gesicht te setten. Sa wiene wy dus altyd mar mei tweintich minsken byinoar."

Pake hat my wolris ferteld, hoe't op 27 novimber 1835 dûmny Hendrik de Cock fan Ulrum - dy't yn '34 it sein joech ta de Ofskieding - op trochreis yn Boalsert west hat om dêr in gemeente te stichtsjen. Dat is no al wer âlve jier ferlyn. Dy begjinjierren wiene swier. De ferfolgingen holden oan. Kening Willem I wie gjin noflik man; neffens guon minsken sels in 'verlicht despoot'. De steat hie it foar it sizzen yn 'e tsjerke en dêrmei út. De dwepers, dy't de boel sa yn ûnstjoer brochten, moasten yn 'e beage. Net yn goedens? Dan mar mei de karwats!

De kening hie it folk mei. In protte minsken hiene it net bot begrepen op dy finen. Allinne ien grut man gie yn 'e pleit foar de Ofskiedenen: Groen van Prinsterer. Al fûn er harren stap út de Grutte Tsjerke dan ek ûnberet, hy wie tsjin ûnrjocht en ûnderdrukking. Pas doe't kening Willem II yn 1840 oan it regear kaam, krige de gemeente erkenning fan de oerheid en it rjocht om frij te fergaderjen.

Hy siet ferline wike op syn praatstoel, dy Mobach. It moed skeat him fol doe't er fertelde hoe't de lytse gemeente der no foar stiet: "Der is in protte earmoed yn 'e gemeente, mar dat is it slimste noch net iens. Dy rabberij en strideraasje ûnderinoar, dat is krekt soerbrânen. It fret jin op! De iene wit it al better as de oare. De één achte de ander uitnemender dan zichzelf. It sil wat. Us

Leavenhear moast se allegear earst marris goed mei de koppen tsjin elkoar slaan. De lytse gemeente giet sa kapot. My hawwe se ek al as âlderling oan 'e kant reage. Ik wol net grutsprekke, mar ik haw by nacht en by dei op 'en paad west. En no dit!"

Moedeleas liet er de holle hingje en sei: "Eigentlich kin ik it my ek wol yntinke dat jim heit en mem de stap nei de lytse tsjerke noch net weagje doarre. Se komme der wolris, mar dochs..."

"En do jonge, hoe stiesto derfoar? Hast wat oanslach, of stipst ek mar wat om?" Rjocht foar de raap, sa is de man no ienkear, en ik sei dat ik wol graach wat om hannen hawwe woe, mar wêr en wat?

"Do soest it ris earne oars besykje kinne of do moastst hjir yn 'e stêd al tontsjeleger wurde wolle."

Ik lûkte de noas op.

"En oars silst derop út moatte. Hawwe jimme net earne kunde?" Freegjend seach er pake en my oan.

"Yn Dokkum," sei pake, "mar dêr is 't al net folle better. Alles wat út Dokkum komt dat sûpt. De sinten sille dêr ek wol op wêze!"

Mobach glimke en fertelde dat er in pear kear yn 't jier briefke mei famylje yn 'e Trynwâlden: "Us Beitske-en-dy wenje yn Gytsjerk en asto wolste sil ik ris pinfiskje oft se ek in plakje witte foar in fiks jongfeint mei in pear goeie hannen oan 't liif. Do bist net benaud om wat oan te pakken, leau 'k," en hy seach my mei syn dûnkere eagen ris op en del oan. Mei myn goed ientachtich bin ik de lytste net.

-o-o-o-

It wynt my no al frjemd yn 't liif om. Ik wol graach wat oanpakke en fuort en ik wol net fuort. Mei dy brief duorret it noch wol in pear wike, mar stel dat dy lju skriuwe dat se wol in gaadlik plakje witte. Ik kin it my hast net yntinke: samar poer yn 'e frjemdte by oare minsken oer de flier. Wat ha ik no bûten de stedsgrêften west! Winters te riden en by 't maityd wat yn it fjild omstrune, de pols oer 't skouder. Altyd koe ik de bolwurken en de tuorren fan de Martiny en it stedhûs sjen.

Ien kear ha 'k út de 'Workumer Peerdestal' wei, oan 'e oare kant it Krús wetter, in reis mei de snikke nei Warkum makke. En dan wie der noch it útstapke mei wat buorlju en oare bern mei

hynder-en-wein nei Hylpen oan 'e Sudersee. Moarns betiid fuort en jûns let werom. Twa reiskes: dat is alles. En no sil ik samar de wearld út nei de Wâlden. Dy spoekje my nachts troch de kop.

In mannich wiken letter - it is al maaie - rin ik Mobach foar de Hof van Holland tsjin it liif. Hy stapt krekt fan it foarkret fan 'e karrider út Wytmarsum. Him útrekkend seit er gapjend: "Ik kom fan Arum; bin der fan 'e moarn al ier en betiid hinne boksele en koe no mei de karrider mei werom. Haw even ôffûstke mei Jelle Broersma fan ús tsjerke. Dy sjocht it hjir mei al dy earmoed en dwersbongelderij net mear sitten. Hy sil mei syn húshâlding nei Amearika. Dat dochst net samar!"

"Amearika, dat is in ein út 'e reek!" sis ik. Wy hawwe it der froeger op skoalle wolris oer hân, mar ik kin my der net folle by foarstelle. Dat je der net mei trekskûte of hynder-en-wein komme kinne, dat is my wol dúdlik. In nije wrâld.

"Ja, in glûpend ein fuort..., oan 'e oare kant de oseaan," seit Piter Jaans, "do kinst der allinne mar mei in sylboat komme en it duorret wol oardel moanne foar en alearst wer oan wâl stappe kinst. En dan stiest noch mar op 'e kant, want do moatst al fierder fansels."

Wat in ivich ein fuort fan Boalsert en it Skilwyk, tink ik. Mobach draait fansiden en groetet in frou mei in baas kyps op.

"Dan sjocht er Boalsert en Arum ek noait wer werom," sis ik tsjin syn swarte rêch. De Trynwâlden lykje my al net sa fier mear fuort en komme my no helte smûker foar.

"Hawwe jo alris in brief út de Trynwâlden krigen?"

Piter Jaans is mei syn gedachten allang wer earne oars. Hy sjocht by my lâns; dan stammeret er wat en seit: "Och ja jonge, dat is ek sa. It is my hielendal trochgien. Moandei wie ik even yn it Snitser Fearhûs. Der wie mei it beurtskip in pakje foar my kaam: in tyske, wat snypsnaren en in brief."

Blinder! Ik krij in kleur; it hier priket my ûnder de pet.

"Ja, Beitske-en-dy, myn suster, do witst wol, hawwe kunde oan in smid Freark Jitses út Mûnein. Dy liet him ûntfalle dat er wolris omseach nei in handige en fikse feint mei murch yn 'e bonken. Dêr kinst in oar fak leare, want der stekt net in bakker yn dy, wol? Do moatst net benaud wêze om smoarge putsjes op te knappen fansels, want do begjinst op 'e ûnderste trieme fan 'e ljedder, as krollejonge." Hy sjocht freegjend nei myn ljochte

krollekop en ik knik mar fan ja. Bin ik dat, in knaap mei murch yn 'e bonken?

"En do silst wol fan 'e nije leare wêze moatte, tink, want baas Freark is fûl op syn gelove, krekt as in protte oare Mûneinsters. Syn buorman, timmerman Reinder van Wieren, hat der doedestiids sels foar yn it tichthûs yn Ljouwert sitten."

Ik sjoch him ûngelovich oan, mar Mobach knikt ernstich: "It is der dêr om wei gien yn 'e Trynwâlden, jonge, dat hâldsto net foar mooglik. Asto dy kant al út gieste, no dan silst de ferhalen wol hearre. Al Uw baren en golven gingen over mij heen. No, ik sil melde, datsto dat baantsje mei beide hannen oanpakst en wat dy nije leare oanbelanget, dat komt wol klear. Se kinne Piter Jaans Mobach en Jelle Bredzee wol en ik sil wol skriuwe: De jongeling is roodachtig - no ja, do hast ljocht hier - mitsgaders schoon van aanzien en de Heer is met hem." Hy sjocht my wat twivelriedich oan. "Of net soms?"

No ja, in bibeltekst mear of minder kin gjin kwea en as ik dêr no mei oan 'e slach komme kin!

Hy tikket tsjin 'e pet en seit: "No, sil ik mar skriuwe datsto by libben en wolwêzen ankomme simmer dy kant út reizgje silst? Dan hast noch even de tiid om it yn dy omgean te litten."

Hy wachtet it antwurd net iens ôf en set de sokken deryn. Dêr deint er hinne op syn hege skuon, de boksen ûnder de modder.

Ik sjoch it beweech op Dykstrjitte en Bargefinne mei nije eagen. Skean yn 't gelid by de wâlskant lâns steane in pear karren en glêzen weintsjes, it stokramt omheech. In grouwe Belch stiet breedskonkich te migen. De giele wetterfal siket in wei tusken de leadgrize balstiennen en dript oer it houten beskoaisel yn 'e grêft. In jonkje dat sit te angeljen wurdt der kâld noch waarm fan. Syn seildoeken pet leit yn 'e bedding en wurdt troch de draaistream in eintsje meifierd. It lij wetter rint him amperoan by syn koarte broek en swarte hoazzen del yn 'e klompen. Mar hy hat allinne mar each foar syn koark.

In pear beurtskipkes lizze foar de wâl. De mêsten komme justjes boppe de al yn jong en ljochtgrien blêd beskûle linebeammen út. In pear opslûpen jonges binne oan it soademiterjen by de houten pomp.

"Wetter fergrieme, rotjonges!" ropt in fiskwiif mei twa kuorfol iel oan 't jok. Se jout harren in klets om 'e earen.

Wat sil ik dit aansen misse: myn stedsje fan in pear strjitten, grêften en in bolwurk.

Yn gedachten rin ik skeanoer nei de brêge it Skilwyk op. De krinkjespuiers mei har grouwe prûm efter de kiezzen en de kwitsende brúnwiete mûlshoeken sjoch ik amper. Se lekskoeie, mar ik hear it net. De winkelbel oan syn lange roastige fear hellet my út 'e tiis en op 'en nij ropt er dat frjemd-weeë gefoel wer nei boppen. De winkel is ferlitten, kâld en skimerich. De stopflessen en koeketrompen steane der doelleas hinne. Leech. Ik haw itselde gefoel. Ik jou in klets op 'e toanbank. Gjûn bôle, gjûn koeke, gjûn gebak mear. Foarby!

De jûnes kin ik suver gjûn hap troch de kiel krije. Ik fertel fan Piter Jaans' brief en dat ik der dochs wol oer tink om fuort. Wy prate deroer: as it dan net oars kin.

It is al skimerich as ik noch even de tún yn rin nei myn fertroude plakje op 'e reinwetersbak. De âld aker, dy't ik al sa faken op 'e kop yn 'e bak plompe litten haw, sit as in kammeraat neist my.

Hoefolle katten soene wy as bern al net mei staasje hjir yn 'e tún begroeven hawwe? In hoopke modder mei in rûchhouten krúske derboppe, dat wie alles wat der oerbleau. En wat bin ik net gauris even oer it sket wipt om te hofkesjongen by de slachter of de molkboer. De apels en nuten hawwe my noait lekkerder smakke.

Al betiid sykje ik myn poepenêst op souder op. Ik lûk de tekkens oer de holle en tink oan froeger doe't wy mei ús fjouweren as bern by heit en mem op ien sliepkeamer leinen. Net altyd direkt sliepe kinne. Ferhalen fantasearje, sjonge en dan sabeare krij-oan of 'spoarúl' boartsje mei de oare bern yn 'e buert. Ik haw in prachtige jeugd hân en no lis ik op 'e wip om fuort. It is dûnker. De souderbalken kreakje ûnheimich.

## HAADSTIK II

### *Martinytoer*

*Hoe moai en fredich stiesto dêr,  
suver getten as út stien,  
mei de âlde gevels allegear,  
of wie de tiid net gien.\**

AUGUSTUS 1846

By de meniste tsjerke oan it bolwurkse in fan it Skilwyk binne jonges mei in bargebongel oan it skoppen. In oar ploechje komt fan 'e Nijmerk setten en klompestampt oer de boochbrêge. Se jouwe harren hoepen sa'n dûst dat dy de brêge ôf stuterje en tsjin it izeren tsjerkesteke op fleane. De koster, dy't yn 'e tûn oan it wjudzjen is, keilt kjel in mannich wurden oer 't stek dy't neffens Piter Jaans wol net yn 'e Bibel brûkt wurde sille.

De jonges drave om harren hoepen, stekke de tonge út en steane op 'e weef om fuort, mar as se my sjogge roppe se narjend: "Ah, lange bakker, fine bliksem, hewwe jimme nou wel wat te freten thús, nou't de broadsjes op binne? Wete jimme ok wat ut is om te ferrekken fan 'e honger." Ik doch in pear stappen dy kant út, dan sette se al skellend de Nijmerk op rjochting Dylakker.

'Fine bliksem. Ferrekke fan 'e honger...'. De wurden bliuwe heakjen en yn gedachten rin ik by it Sint Antony Gasthûs lâns it trepke op nei it bolwurk en dan de kant út nei de Sint Janspoarte. It is noch net iens tweintich jier ferlyn dat dy poarte delsabele is. No leit der allinne mar in houten brêge. De wjukken fan de beide stellingmûnen oan 'e Ljouwerterfeart kinne op 'e lije wyn mar amper rûnkomme.

Op it Easterbolwurk is it ûnder it tichte blêdetek fan 'e ipen lekker skadich en net sa gleonwaarm. De blêden fan de ûnderste tûken binne griis fan 'e moude. It is ek al augustus. Fjouwer dagen ferlyn, sneon de earste, wie myn jierdei. Ik bin no tweintich.

-o-o-o-

Hjir op it Bolwurk haw ik mei in pear maten foar it earst yn 'e berm lein te smoken. Doe wie ik tolve. Wat piiptabak yn in stikje

papier rôlje en dat yn 'e brân. Grut dwaan en de reek ynsûge: op 'e longen. Ik waard der switterich fan om 'e kop en krige slooppe skonken. De jûnes spuide ik as in ielreager.

"Alle begjin is swier," sei pake doe, mar mem fûtere: "Pake moat dy jonge it roken net leare!"

Pake sei allinne mar fan: "Hui, hui, hui..." en hy glimke wat efter syn wite snor en sik. Syn snor is suver wat brunich troch al it pypkjen en segaarjen.

-o-o-o-

By it âlde joadebegraafplak rin ik troch it gers skean it bolwurk del en by elke stap wurdt de mânske Martiny grutter en grutter. Ik fiel my in mantsje fan mar in pear stiennen heech. De brede, giele reus mei blau-laaien rêch stekt syn stompe tûme nei boppen en ik sjoch nei de hitsich baarnende sinne en de wite plôken steapelwolken. De sinne deart him net, likemin as stoarm en rein en winterkjeld. Hy stiet dêr al ieuwen, ûnoandwaanlik, krekt sa tiidleas as de âlde ipen oan it bolwurk. Ik soe wol in hiel lyts plakje yn harren hert hawwe wolle, tusken de brede muorren en grouwe tûken en ik flûsterje: "Ferjit myn namme net."

Ik dangelje in eintsje de Grutte Kampen op. In âld hankarre stiet ferdwaald dwersuer de dyk. It binne allegear gloppen en op in bleek leit wat suterich waskguod. Is it ferbeelding, of kin ik de earmoed rûke? Hjir moatte hûnderten minsken boppe opinoar wenje. It binne oeral hoeken en hernen. Ek oan 'e oare kant de grêft op 'e Lytse Kampen.

Even fierderop by it brechje stiet in tropke manlju en froulju drok te praten en te meneueljen. De froulju mei de knûsten yn 'e side, de manlju mei de hannen yn 'e bûse en de pet skean op 'e kop. As se my oankommen sjogge, falle se stil en ik bespeur deselde fûlens yn harren eagen as yn dy fan de jonges by de meniste tsjerke. Ik bin net bang útfallen, mar ik ha gjin nocht oan smeulsk praat. Se sjogge my op en del oan: nei myn blau-wyt-streekjese kile en nije giele klompen. Ik fiel my suver skuldich. 'En wy ferrekke,' tink ik. Ik hear it se al sizzen en kear om. Dan mar oer de Katterêch nei de Dylakker.

Ik rin dochs mar wat om: noch ien kear alles opnimme en djip yn mysels in plakje jaan. Foar letter. Op 'e wâl, oan 'e oare kant de

Martiny, stiet in rak mei waskguod, deun njonken de izeren pisbak. Ik doch in miel en ik hear it wetter yn 'e grêft siperjen. Flakby leit in skip. De swurden binne oplutsen, de mêst prymt njonken de stompe toer as in stopnulle de loft yn. De skippersfrou kiperet in amer smoarch wetter oerboard.

Oer it heechoppige brechje rin ik de Dylakker del. Ik bokjewip noch ien kear as in lytsjonge oer ien fan de stoeppeallen en bliuw even stean by it beweech op it bouplak fan 'e nije Roomske tsjerke. Dêr binne se fan 't maityd mei út ein set.

Ik rin oer de Elzepost en troch de Elzesteech. Skuonmakker Willem Arjens sit yn 't skaad, de izeren trijepoat op 'e knibbel. Hy hat it swit op 'e kop en as er my sjocht, falle syn hannen even stil: "Ah, de jonge bakker Van Dam, as ik it wol ha. Kinste it yn Boalsert net mear fine, jonge, en silst no op 'e bonnefoai nei de Trynwâlden?"

It liket in grapke, mar it stekt my wol. Hy moast ris witte. Dat hat Mobach him, tink ik, ferteld, want Willem Arjens is diaken yn deselde lytse tsjerke. Beide binne se rjocht foar de raap. Gjin wûnder dat se mekoarren dêr wolris yn it hier sitte, al soene jie dat fan sokke minsken net daliks ferwachtsje.

"Hâld jo jo mar by jo least," sis ik wat stikelich en "betanke foar jo bemoedigjend wurd." Hy fielt de pripper. "No, it bêste dan mar, ik bedoel it net ferkeard hear jonge. Dat moatsto no net tinke! Miskien komt it wol fan dit ding, dat ik soms wat skerp yn 'e mûle bin," en hy begjint wer ferwoeden mei de els yn it soallear om te pjukken.

Ik stek de hân op en flanterje troch de stege de Tsjerkestrjitte yn. Foar de Joadske synagoge steane trije mannen mei bolhoed en lang burd drok te klassinearjen. Der wenje wol in hûndert Joaden yn Boalsert. Israeliten sizze se hjirre. Se komme alle sneontemoarnen yn 'e sjoel byinoar. Ik bliuw even stean. It is in moai gebou, noch mar in jier of seis âld, mei pilaren njonken de yngong en in healrûn glês-yn-lead boppeljocht. Wat de mannen neist my sizze kin ik gjin klap fan ferstean. It heart wol op bargedútsk, krekt sa'n taaltsje as de gerspoepen\* altyd prate as dy koart foar de ûngetiid yn kloften op it Merkplein stean te wachtsjen op in boer.

Ik ken dizze Joaden net, likemin as al dy oaren yn 'e stêd. Ien hat in grossierderij oan 'e Dylakker, dat wit ik wol, in oar in slachterij op it Grutsân. De measten binne lytse hannelslju. De



iennichste dy't ik ken is lytse Levi, mar wa ken him net? Hy skarrelet mei syn hankarre en ivige noasdrip by de doarren lâns om fodden en âld izer: "Ouwe fodde!"

De stedhûstoer slacht it kertier. Dy hat, krekt as de Martiny, ek al hiel wat geslachten yn dizze strjitten omskarreljen sjoen: rike lju en earne donders, jong en âld. Master Gysbert Japiks en ûnbekende strjitfagers dy't dei yn dei út hynstefigen byinoar biezen. En hieltyd wer gyngen se dea. Of fuort.

As ik út de Tsjerkestrjitte de Polstrjitte op rin, sjoch en hear ik foar it stedhûs in grutte kliber folk roppen en razen om wurk en iten. Der broeit wat yn 'e stêd. Dat kin elk wol op syn klompen oanfiele.

De minsken binne harren rie tenein. It kin wolris in barre hjerst en winter wurde. Bôle, brea en beane wurde langer wat djoerder. De prizen fleane omheech. In fjirdepartsje brea kostet no al in grou kwartsje, wylst in arbeider mei net mear as seis gûne yn 'e wike thúskomt. En dan meie se noch de hannen tichtknipe, want de measten moatte de han ophâlde by de boargemaster of de diakenij.

Der wurdt in protte stellen en der wurdt biddele. En dat sil noch wol slimmer wurde. Alle karriders en skippers hawwe itselde ferhaal. Oeral stiet it gewaaks op it lân der suterich by. It ierpellof wurdt brún en stjert fier foar de tiid ôf. De ierpels sitte no al siik en rotterich yn 'e grûn. Ek it nôt stiet der sleau by mei dit gleonwaarme waar. It is krekt as sit de sykte yn 'e loft en yn 'e grûn. Bûtenút kinne de minsken mei in eigen stikje bou by hûs har wat langer rêde, mar yn 'e stêden is it ien en al ûnrêst.

De loft is helder, de sinne skynt fûl, mar yn 'e Polstrjitte hinget in driigjend-dûnkere sfear. Ferline wike binne by in pear winkellju oan 'e Grutte Merk de ruten ynkegele. De winkels waarden leechplondere. It folk is no ek opsternaat. Guon opperteurs hawwe yn elke fûst in grouwe stien. As de boargemaster op it bordes ferskynt, begjint de hiele kliber rau te balten. Stiennen fleane troch de loft, ketse tsjin 'e muorre, hagelje oer de beide liuwen op 'e balustrade en stuiterje dan by de treppens del.

Blykber hat it stedsbestjoer ferline wike learjild betelle, want like hurd as de boargemaster makket dat er binnendoarren komt, sa rûgelet in stel dragonders de doar út en by de treppens del efter de stiennen oan. Mei de blanke sabel houwe se der fuortendaliks

op yn. It folk stoot alle kanten út, guon lju mei de hannen oan holle of earm. Ien man bliuwt mei in beblutte kop op 'e balstiennen lizzen. Hy hat in bêste feech krigen. It dûnkerreade bloed rint tusken de stiennen en yn in flits sjoch ik wer de giele stream fan dy grouwe Belch dy't dêr op 'e Dykstrjitte stie te migen. De man wurdt nei it finzenispoartsje oan 'e sydkant fan it stedhûs sleept lykas in pear oare opperteurs dy't dûmwei, mei de holle foardel, op 'e dragonders yn rame. Mar se moatte belies jaan. It hat folle wei fan it Kollumer Oproer\* dêr't ik wolris oer lêzen haw.

Froulju en bern jammerje en snotterje. Ien frou raast it út: "Ik fecht my doad foar myn kynders. Se hewwe gyn klearen mear an 'e kont en gaan met de honger in 'e hals op bêd!" Dan sjocht se my: "En dou, ferhippeling, dou loopst hier mar in dyn moaie kile en op nije klompen. Oanze kearels dêre wurde halfdoad slagen. Grouwêlich! De duvel sú derfan in 'e broek skite. Armoedsaaiers binne wij wurden. Wij mutte de haan ophouwe." De frou is finaal oerstjoer. Ik bin ferstuivere. Se begjint jammerdearlik te kriteren mei lange úthalen.

Wat in ellinde! Ik stean der machteleas by en rin nei in pear tellen de oare kant út. Ik haw gjin ferlet fan in klap mei de sabel op 'e kop. En dan ek noch it kasjot op 'e stedhûssouder yn. Dan mar leaver nei de Trynwâlden.

Mei de kop stiiffol prakkesaasjes rin ik it Hynstepad op. It koepeltuorke op 'e Broeretsjerke stekt wyt ôf tsjin 'e blauwe loft. De tsjerke is al like breed yn 'e skouders as syn grutte broer de Martiny. It plein is sa droech as klaphout; de klaaigrûn is hurd en sit fol barsten. It pún is allang yn 'e grûn weitrape. Ik sjoch om my hinne.

-o-o-o-

Wat haw ik hjir faken út skoalle wei omboarte en de knibbels iepenhelle. Knikkerje en potsjetopje. Of kampfjochtsje en opinoar yn rame. Ik wie doe noch mar in stek-yn-'e-bûse. Leafst siet ik op 'e brede rêch fan grutte Durk. Dan wie it krekt in riddertoernoai. Durk raamde mei kromme rêch op 'e oaren yn en ik houde om my hinne mei in houten sabel.

Ien kear krige ik sels sa'n oplawibus, dat ik truzele steil efteroer en bongeale mei de sûzerige kop tusken Durk syn smoarge

klompen. Hy soalde my yn it skaad foar de tsjerkedoarren, hyste in oare ridder op 'e rêch en gie de striid wer o-an. Dy koe stikken noch dea.

In moaie tiid. Doe wie it boartsjen, no slaan se mekoar yn earnst it bloed út de kop. Wêr draait dit allegear op út?

Ik kin my yntinke dat der minsken binne dy't, harren rie tenein, de grutte sprong weagje nei Amearika. Wat is dit hjir foar libben? De minsken fan de lytse tsjerke ek: se binne jierrenlang efter de fodden sitten, ferfolge en húnd. No wurde se sûnt in pear jier wetlik dulde, mar yn 'e praktyk wurde se noch hieltyd mei in skean each oansjoen, skoudere of deaswijd: 'Dy ferrekte dwepers, dy finen'. It is faak arbeidersfolk en dat fangt altyd de earste klappen op as it tij tsjinsit.

De measten binne neffens pake sa earm as in lûs. Tsjerkejild kinne se net betelje, dat yn oare gemeenten moat somtiden foar de lytse gemeente yn Boalsert kollektarre wurde. Gjin wûnder dat de minsken mei al dy wurkleazens, hûnger en ellinde de kop wolris ferkeard stiet en dat se inoarren yn 'e hierren fleane. Wat in strideraasje, ek yn tsjerke. Sit dat no ek yn 'e loft, krekt as de ierpelsykte? Yn it begjin hiene se ienriedich west. Se stiene altyd foar elkoar klear. Eén van ziel, sei Piter Jaans. En no houwe se der sels op yn en meitsje se elkoar geastlik in kopke lytser. In elk waant him in apostel fan de suvere leare. En dat krekt yn in tiid dat de boel op springen stiet.

Soe dy Jelle Broersma út Arum, dêr't Mobach fan fertelde, dan dochs net sa'n gekke set dien hawwe troch syn heil earne oars te sykjen? Yn Amearika is romte by de rûs, der is wurk en frijheid om te leauwen wat je wolle.

Fan Piter Jaans haw ik in brosjuere krigen dêr't yn stiet dat in protte minsken út Dútslân nei Amearika emigrearre binne en letter ek út de Gelderske Achterhoek. Dêr binne twa jonge dûmnys dy't de boel oanfiterje, in Antony Brummelkamp en in Albertus van Raalte. Beide hearre ek by de lytse tsjerke.

Op 'e earste bledside fan de brosjuere stiet mei grutte letters: 'Landverhuizing, of waarom bevorderen wij de Volksverhuizing naar Noord-Amerika en niet naar Java?'. Dy dûmny's skriuwe dat se emigraasje sjogge as in troch God jûne útwei foar de 'afgescheidenen' om út de nederklits te kommen, geastlik en maatskiplik: frijheid fan godstsjinst en ûnderwiis en in bestean opbouwe yn in nije wrâld, dwaan kinne wat je hân fynt om te

dwaan. Net in elk op eigen houtsjе, mar meiinoar as ploech earne yn it Westen in koloanje stichtsje fan 'geloofsgenoten' om op hiel eigen wize harren libben ynrjochtsje te kinnen. Neffens dy dûmnys moatte de lânferhuzers net ferstruid reitsje tusken minsken mei in oare taal, godstsjinst en kultuer. Yn 'e brosjuere prate se dan ek net oer emigraasje mar oer kolonisaasje.

It makke my nijsgjirrich en ik haw alris pinfiske by Mobach oft dy ek wat mear wist fan it hoe en het. Mar dy koe my ek net mear fertelle as wat Jelle Broersma him ferdútst hie.

"Mar," sei Piter Jaans, "Jelle hat my tasein te skriuwen hoe't it him dêr taliket en dan sil ik dy wol op 'e hichte hâlde. Do hearst der grif mear fan yn 'e Wâlden by Beitske-en-dy. Dêr is it wurd Amearika ek al fallen."

-o-o-o-

Amearika! Djip fan binnen begjint in bewyske fan in lietsje te nûnderjen. Myn mage nûnderet mei. Wat sil it wurde: de Trynwâlden of noch fierder?

Ik stek it plein oer nei it Heech. By it eardere Heeremahûs stiet de poartedoar iepen. Der is no buorkerij en dat is te rûken ek. Troch de doar sjoch ik oer de rûchskerne hinne in stikje fan it Suderbolwurk. De faam sit mei in read-bûsdoek op 'e kop te melken. De kij steane yn 'e jister sleau en mei slûge eagen te wjerkôgjen. It is hyt yn 'e gleie sinne en frjemd stil yn 'e strjitte. Krekt snein. Allinne in pear tsierende mosken op 'e daksgoate jouwe wat beweech. Ik sykje de skaadkant fan 'e huzen op, stek de Wythearstrjitte oer en rin even fierder troch de smelle Gortsteech skean nei ûnderen. No kin ik fernimme dat it Heech ek heech leit.

It dûnker griene grêftswetter fan 'e Woartelhaven stjonkt deroer. Hjir kin ek suver gjin skipke mear komme. By de peallen is de grize derry al te sjen. Ik wip it heechhout oer nei de Keallemerk. Oan 'e oare kant it wetter sjoch ik it Snitser Fearhûs op it Grutsân. Dêr moat ik moarn al ier en betiid wêze. Ik sil mei de potskipper nei Snits en dêr mar fierder sjen.

Dy potskipper wachtet net. "Tongersdei healwei sânen yn 't Fearhûs," hat er sein, "en oars sjochst mar datsto mei in beurtskip of in karrider yn Snits komst. Eigentlik mei ik net iens minsken meinimme. Mar om jim pake, no ja..."